

Bêste gemeente fan Jezus,

It sil in soad minsken oansprekke dat it mei sizzen allinne net te dwaan is. Jo kin wol wat sizze, mar wat dogge jo der mei? Moaie wurden kinne ús reitsje, mar wat hâlde die dan yn at der gjin ferfolch op komt? Doe't wij dit gedielte mei inoar op de bibelkring besprutsen, foel fuotendaliks op wat Jakobus seit, dat wij klearstean moatte om te lústerjen, net hastich wêze om te praten, en net daliks liik wurde. En dat is de kern fan hiel syn boadskip. It foel ús op dat de gasten yn de talkshows fan tsjinwurdich inoar hast net útprate litte, of mar gau as in bok op'e haverkist sitte en fel útein sette. Wat seit dat oer ús minsken, fan ja, alle tiden? Yn elk gefal dat wij net safolle oars binne dan de minsken yn Jakobus syn tiid. En miskien moatte wij dan erkenne dat wij no ien kear sá yn elkoar stekke, dat wij inoar gjin romte jouwe. Mar dat is tagelykertiid tige ûnbefredigend.

In joadske wiisheid seit: Wêrom hawwe wij twa earen en ien mûle? No hjirom, wij binne makke om te lústerjen en net om te praten. De earen binne ommers ek altyd iepen? En de mûle is makke mei de lippen op elkoar, mar hat ek tosken en kiezen om de tonge yn betwang te hâlden. Dat is natuerlik om oer nei te tinken. Lústerje wij echt wol, of prate wij te hastich?

Der stean ferskate útdrukkingen yn de Bibel dy't ús wekker hâlde om betochtsom mei úse wurden om te gean, sa as: 'Dy't syn mûle en tonge beskermt, beskermt syn libben tsjin benearingen' – in moai wurd foar ûnderdrukkingen. (Spreuken 21:23) It wol sizze dat it iene wurd it oare wurd úthellet, en wat krije jo dan? Lilkens. Dus bedoelt dy wiisheid, meitsje op it earste plak gebrûk fan'e earen en jou inoar de romte foar syn/har ferhael en stel dyn oardiel út.

Dat is ek stikken better dan gebrûk meitsje fan de email en de whatsapps. Wij ha fan'e wike ûnderfûn dat in soad minsken der net mear sûnder kinne doe't Facebook der in skofke út lei. Dat binne mar koarte boadskippen en faek hiel opperflakkich, mar die kinne neist it nut derfan, minsken ek sear dwaan en ûnrêst jaan, omdat der neat fysiek útpraten wurdt of trochfrege wurdt. En boppedat kinne wij dat soart fan berjochten ûngekontroleard en mei ien finger op de knop sa trochstjûre nei oaren. 'Lekken' neame wij dat. En hoe rjochtfearnich is dat? Emails en whatsapps binne de nije tongen yn dizze tiid, dy't rap fan lear trekke kinne. It moat allegearre fluch, mar gau reageare, en sa giet it hinne en wer, mar at dat tot de essinsje komt is de fraach.

It heart blykber bij úse minsklike natuer dat wij hastich prate en daliks liik wurde, en dat wij derom ek de neiging ha God hietenkear yn de rede te fallen mei 'ja mar ... wij sjogge neat fan Jo frede en leafde, en: ja mar ... der is ek altyd oarloch en sykte'. Wij slaan Him der dan mei op'e snút en der litte wij it bij. Mar Jakobus hâldt net fan de dingen mar fan je ôfskowe, of God de skuld oeral fan te jaan. Want hij is radikaal, en seit: Sjoch nei dy sels. En dan komt it derop oan. Op trije punten is hij konfrontearjend.

Op it earste plak dat wij smoargens ôflizze, of yn it Hollâns 'vuilspuiterij'. Lyk as dat wij in smoarg jaske útdogge, oars fiele wij ús net skjinn of yn it nij. Doch dat smoarge jaske út, seit Jakobus. Want soms ha wij net troch dat wij inoar sear dogge. En dat út de rûs kwea wei komt. Wij moatte in nij jaske oandwaan, it jaske fan de sêftmoedigens. Dêr sjogge wij oan dat ien feroare is. Yn sté fan arrogant, nederich wurden is; opfleanend wie, mar no geduld hat; altyd de lekkens útdielde mar no ek oannimme kin. Mei oare wurden, hij brûkt it út dwaan fan in jaske om it oergean nei in nije leefwize mei oan te jaan. Wêr't fan 'machtsbegeerte' totaal gjin sprake mear is. Dat is gemeente dy't hij foar him sjocht as in nije mienskip fan minsken mei in ferskate achtergrûn, dy't kwetsber en maklik foer binne foar oardielen.

Twaddens, konfronteard Jakobus ús mei ús sels. Hij lit ús yn de spiegel sjen fan wa't wij binne. Hij seit: Stean marris in skoft foar de spiegel. En sjoch nei dysels. Do fynst dy aerdich, leuk, stoer, charmant, bytsje ijdell en âlder, mar hawwar do kinst der noch meitroch, want fan dy is der mar ien op ierde. En ast dan fuortgiest, is it dan net bespotlik dasto dyself ferjst? Hjir is Jakobus tige kreatyf mei syn boadskip dat it mei sizzen allinne net te dwaan is. Sjoch yn de spiegel en ferjit net. Wêrom is dat sa belangryk? Omdat wij wol heare wat God fan ús freget, mar gau wer oergean nei 'de orde van de dag'. Yn dy sin liiden wij minsken allegearre oan Alzheimer (sitaat fan Sjouke Voolstra).

Wij krigen it oer de Martelaarsspiegel, dy't hjirre mei it plaatsje en it ferhaaltsje fan Dirk Willemsz trou iepenleit. En dat is meisin. Lit dat noris op jo ynwurkje, en jow dan ris in antwurd op de fraach: Wat soest do dwaan? We kinne dat ferhaal toch wol? It is winter, en de menniste Dirk wurdt achternei sitten troch de plysje, en de plysje sakket troch it iis. Dirk kin no trochrinne, mar wat docht hij? Hij rêdt de man, in die fan fijânsleafde. Mar wat soenen wij dwaan?

Dêrom hiet de Martelaarsspiegel mei alle tsjûgenissen fan ferhearen en feroardielingen fan de 16<sup>e</sup>-ieuwse mennisten, ek de Martelaars*piegel*. Do sjogst as it ware yn de spegel fan die ferhalen. En wêr stiesto yn dit ferhael?

En hjirfan jilt dat de Bibel ek in spegel is. At ferteld wurdt hoe rebelsk it folk Israël wie op syn tocht troch de woastyn, dan giet it ek oer ús rebelsk wêzen. At ferteld wurdt dat ien Jezus ferried, de oare him negeard, en wer oaren der fantroch gean, dan giet it ek oer ús ferried, ûntkenning en karakterleasheid. Mar at mei alle lof ferteld wurdt hoe gehoorsaem Abraham oan God wol net wie, dan giet it ek om ús gehoar jaan oan God, of wêr't it giet oer de deemoed fan David dan giet it ek oer úse nederichheit, of wêr't it giet oer de striidberheit fan Maria, dan giet it ek oer ús opkommen foar de rjochtfearlichheit, en oer de iver fan Paulus, dan giet it ek oer ús trochsetten. Alle ferhalen binne as spegels mei de fraach: Oan wa spegelje ik mij, en wij ús?

En sa is dat ek mei de tsjerketsjinsten. Ha jimme der wolris oer neitocht? Dat binne oars net as spegels. Ien kear yn de wike sjogge wij ús sels yn de spegel fan de bibellêzing en fan de preek. Mar wij binne it faek op Moandei alwer ferjitten wêr't oergien is, omdat wij gau wer oergean nei it alledeiske libben. It is dan ek in miskleun dat gemeenten besúnichje op tsjerketsjinsten, want dan binne wij úse spegel kwyt en ferlieze wij ús wer yn dat hastische praten en daliks liik wurde, wat op grutte skaal útrinne kin op oarloch.

Dat besef jowt Jakobus troch oan de joadske minsken dy't Jezus folgje en mei net-joaden ien mienskip foarmje wolle. As in ôfspegeling fan in bettere wrâld wêr't foar iederien plak is sûnder diskriminaasje. En het adagium is: Slagget dat yn de gemeente, dan slagget dat ek yn de wrâld. Wij hawwe dy twa earen net foar neat.

En dat soe it ek foar ús sa wêze moatte. De wrâld sit te wachtsjen op iepen earen dy't lústerje, nodat ek yn ús lân wêr safolle asylsykers opfongen wurde moatte, mar dêr is gjin plak foar. It giet om in suvere godstsjinst, it tredde punt. En hjir wurd ik sels bliid fan. Jakobus sprekt ús tagelyk persoanlik oan fan 'wêr stiesto', en sprekt ús oan op ús sosjaal wêzen, de blik op de maatskappij. Besykje wezen en widdowen yn har swierrichheden en lit har net besmodzje troch de wrâld. Sij stean foar dy minsken dy't besmodzje binne troch de oerheit mar gjin ekskús krigen ha fan de kening. Sij stean foar dy minsken dy't gjin ynkommen ha en dermei gjin takomst. Sij stean foar ûnmachtigen mei de poaten yn'e modder, en wêr't net ien nei omsjocht. Want dat is it doel fan Jakobus syn ideaal fan in rjochtfeardiche mienskip: God tsjinje yn it sosjale libben, dat is de suvere godstsjinst. Ús net oerrompelje litte troch de geast fan de wrâld mei syn âlde jaskes, mar der tsjin yn gean yn úse nije jaskes, in soart fan 'gele hesjes-gemeente'.

Ta beslút noch dit. It is in misferstân om te tinken dat 'daden gaan woorden te boven', of yn it Frysk 'in die stribbet foarbij' op dat romsinniche boerd, itselde betsjut as wat Jakobus bedoelt mei 'wês dieders fan Gods Wurd'. Dêr leit gjin inkel ferbân. Jakobus is hjir typisk joadsk. Hij tinkt oan Mozes dy't de gemeente fan Israël de wurden fan de Hear oerbringt, en wêr't de gemeente op antwurdet: 'Alle wurden, dy't de Hear sprutsen hat, sille wy neikomme'. (Exodus 24:3) Der giet it bij Jakobus om. En in oar punt is dit: dat Jakobus fan ús freget dieders fan it Wurd te wêzen, bestjut nei te gean wat dat Wurd dan ynhâldt. Wij ha juster op it Learhûs heart dat er ek Mennisten west binne, lyk as safolle oare kristenen, dy't op grûn fan Gods Wurd it Nasjonaal Sosjalisme stype ha. Dus tinke, dat wij dieders binne, sil altiid ynhâlde moatte mei elkoar nei te gean op grûn wêrfan?

En ja, wat sizze wij dan tsjin ússels at wij foar de spegel stean oan't ein fan ús libben? Binne wij Gods rjochfearlichheit neikommen? Kinne wij ússels rjocht yn de eagen sjen?